

Histoarysk plakje

Nijkleaster keapet pleats

It Westerhûs Hilaard oan

Hilaard - De Stifting Nijkleaster hat mei de eigners fan de pleats It Westerhûs oan it Westerhûs 1 by Hilaard oerienstimming berikt oer de oankeap.

Troch Hinne Bokma

Nijkleaster wol de pleats ferbouwe ta in kleaster, dêr't plak wêze sil foar permaninte bewenners en foar gasten, dy't dêr in dei, wykein of langer ferbliuwe wolle. It moat in plak wêze dêr't minsken harren werom lûke kinne om ta besinning en op adem te kommen. Inoar te moetsjen. De plannen wurde op 31 augustus presintearre en op 7 septimber is der in ynrinjûn yn it doarpshûs yn Hilaard.

No't de keap rûn is, sil Nijkleaster him dwaande hâlde mei it fierder útwurkjen fan de plannen. It kin neffens foarsitter Henk Kroes fan de Stifting Nijkleaster noch wol in jier of twa duorje foardat it kleaster yn gebrûk nommen wurdt. „It gebou sjocht der hiel min út”, jout Kroes oan. Earder wie Nijkleaster fan doel de pleats fan de famylje

Castelein oan de Sluytermanwei yn Jorwert oan te keapjen. Dit plan stuitte yn Jorwert op wjerstân.

It Westerhûs is in bysûnder plakje, dêr't al ieuwen buorke is. Under it foarhûs fine we noch de molkenkelder mei restanten fan de eardere bebouwing. Se datearje út 1625. Philippus Breuker skriuwt der yn syn nijste boek *Het landschap van de Friese klei 800-1800* oer. De pleats leit oan de westflank fan de ôfgroeven terp Westerwird.

„Opzij van het erf ligt aan de zuidkant een smal omgracht perceel”, skriuwt Breuker. It ferhaal giet dat it earder in begraafplak wie fan de nonnen, dy't op it erf yn in kleaster wennen. Neffens Breuker hat er op dat plak net in kleaster stien. De foarm fan it erf en de omvang fan it lân passe neffens him better by in stins.

De pleats is fanwege syn rike kultuer-histoaryske wearde oanwiisd as ryksmonumint. Yn de muorre sit in merkwaardige gevelstien mei alliânsjewapens en de inisjalen M en G. Ek stiet de namme Westerhuis en it jiertal 1625 op de gevelstien.